



Kening op Sokken

de musical

Reg.nr. 551213-2

Kening op Sokken

de musical

Kening op Sokken

musical fan Rients Gratama, Addy Scheele en Peter Sijbenga.

mei:
Hilbert Dijkstra
Lenv Dijkstra
Bart Jurjen Feikens
Rients Gratama
Tsjerkje Posthuma
Dirk-Yde Sjaarda
Lydia Slier
Lianne Zandstra

orkest:

John Eskes - gitaar, akkordeon
Addy Scheele - piano, synthesizers
Peter Sijbenga - piano

opnommen yn studio's: Cryptic Recording, Ljouwert
en Addy Scheele Muziekproducties, Grins
technyk: Phil Mills
produksje: Impr. J. de Crane BV - Impr. Oeuvre
y.o.f. Stichting Kening op Sokken
Foto foarside: Leeuwarder Courant
Foto binnenside: Jan Tromp
Ontwerp hoes: Okkinga & Renema, Heerenveen



label: Boppeslach
Reg.nr.: 551213-2

1. **MEAR AS TRIJE SPUL ***
Rients, Lenv, Lianne, Lydia, Hilbert, Bart Jurjen, Tsjerkje, Dirk-Yde
2. **SA'N BAL FERTREKT ****
Rients, Hilbert, Bart Jurjen, Lydia
3. **WER BINNE DE HARLINGERS ****
Rients, Bart Jurjen, Hilbert
4. **IT EACH WOL EK WAT ***
Lenv, Lianne, Lydia
5. **KENINGSDREAM - 1 ****
Dirk-Yde, Tsjerkje, Lianne, Lydia
6. **TRIE KRITEN KANTATE ****
Rients, Lenv, Lianne, Lydia, Hilbert, Bart Jurjen
7. **FOAR IEN LUZIGE KEAR ***
Rients, Lenv, Lianne, Lydia, Hilbert, Bart Jurjen
8. **RIEDERS BINNE GIJN DIEDERS ****
Rients, Lenv, Lianne, Bart Jurjen
9. **BESTIET DAT DAN? ***
Lydia, Hilbert
10. **OER MEI DE BOER ***
Rients, Lenv, Bart Jurjen, Lianne
11. **IT LAN FAN GRATIS OM'E NOCHT ****
Rients, Lenv, Lianne, Lydia, Hilbert, Bart Jurjen
12. **HOERA, IT IS NOCH LANG NET OAN USTA ****
Rients, Lenv, Lianne
13. **IN DEI ***
Rients, Lenv, Lianne, Lydia, Hilbert, Bart Jurjen
14. **KENINGSDREAM II ****
Rients, Lenv, Lianne, Lydia, Hilbert, Bart Jurjen

*) Komposysje Addy Scheele


**) Komposysje Peter Sijbenga

Reg.nr. 551213-2

de musical

Kening op Sokken

Kening op Sokken



Kening op Sokken, skreaun ta gelegenheid fan it hûndertjierrich bestean fan

de KNKB, is eins de boartlike repetysje fan in musical.

It ferhaal dat der ynspilet is tige frij ûntliend oan it boek Jelle fan Sipke Froukjes fan Nynke van Hichtum.

Dêrnjonken spylje allegear saken dy't te krijen hawwe mei it bysûndere plak fan it keatsen yn it Fryske libben.

De titel is, mei tastimming fan de skriuwer, oernommen fan it bekende boek fan Hylke Speerstra.

Musical Kening op sokken

Skreaun troch:

Rients Gratama

Komposysjes en arrangeminten:

Addy Scheele en

Peter Sijbenga

Regy:

Romke Toering

Bewegingsadvizen:

Wilma Hoornstra

Ljochtplan:

Will Jofriet

Dekorûntwerp en útfiering:

Beb Mulder

Kostûms / Styling:

Lidwien v.d. Veer

Lûd:

Sound by Ron, Drachten

Produksje-assistent:

Jaap Wieringa

Utfierend produsint y.o.f.

Stichting Kening op Sokken:

Impresariaat John de Crane BV

Alkmaar, Marga Jochems

Meiwurkers:

Hilbert Dykstra

Leny Dykstra

Bart Jurjen Feikens

Rients Gratama

Tsjerkje Posthuma

Dirk-Yde Sjaarda

Lydia Slier

Lianne Zandstra

Muzikanten:

John Eskes

Addy Scheele

Peter Sijbenga

Ljocht en lûd

Will Jofriet

Piet Tulner

It meitsjen fan lûd - en byldopnames ûnder de foarstelling is net tastien.


Mei tank oan: Douwe A. Tamminga, Kafee Bergsma-Easterein, Master Hingst út Easterein.

De musical Kening op Sokken is ta stân kommen mei subsidzje fan de provinsje Fryslân en de Douwe Kalma Stifting.



Kening op Sokken

de musical



Fan Rients Gratama, Addy Scheele en Peter Sijbenga

De musical KENING OP SOKKEN, skreaun t.g.f. it 100-jierrich bestean fan de KNKB yn 1997, krige de namme oer fan in boek fan Hylke Speerstra en wie foar in part ynspirearre troch it bekende Jelle fan Sipke Froukjes fan Nynke van Hichtum.

Teatraal wie it opset as de repetyasje fan in musical, sadat der neist it ferhaal, dat him koart nei 1900 ôfspilet en dat giet oer keatsen, leafde en sosjale tsjinstellings, ek romte wie foar útstapkes nei de aktualiteit.

MEAR AS TRIJE SPUL jout as iepeningsliet in byld fan it plak fan it keatsen yn de herten fan de Friezen yn de keatshoeke. Jelle, de lytse haadpersoan foar it skoft, hat in grut talint foar dizze sport en út it kommintaar fan it doarpspublyk op syn feardichheden ûntstiet in oade oan de lytse bal yn:

SA'N BAL FERTREKT. Oer de muoite en de winsk om it keatsen, neist alle oare sportive mooglikheden, benammen yn de stêden libben te hâlden, giet it liet:

WER BINNE DE HARLINGERS. Keatsen krijt sa stadichwei de alluere fan topsport en soe faaks noch mear appeal krije moatte. Soks fine de fammen yn:

IT EACH WOL EK WAT. Jelle hat twa dreamen. It heechste plak yn de keatserij en syn freondintsje Aaltsje. Beide saken wurde besongen yn:

KENINGSDREAM - 1. It keatsen yn mear as ien krite tagelyk is faak, benammen foar de leek net maklik te folgjen. Oan dizze tizeboel is in kantate wijd:

DE TRIJE KRITEN KANTATE. It keatsen is gauris oan merke en feest ophongen. Dat wie benammen alearen gauris de oanlieding ta in rûge ôfrin. Arbeidersjonges dy't troch de wike mei swier en ûneachlik wurk amper troch de tiid komme koene, stiene op sneon of snein ynienen as kening foar de tinte en wiene de held

FOAR IEN LUZIGE KEAR. De beste stuurlui....ensfh. Dat is bij alle sporten sa. Bij keatsen ek:

RIEDERS BINNE GJIN DIEDERS. Wy binne yn it ferhaal

ûnderwilens 10 jier fierder. Jelle is in jonge man fan goed tweintich. Aaltsje is ferhuze en de jongelju ha elkoar út it each ferlern. Mar net út it hert, al hat de leafde gjin perspektyf troch it stânsferskil tusken dy twa, in probleem dat as in reade tried troch it stik rint. Aaltsje, in boeredochter en Jelle, in arbeidersjonge.. dat kin noait wat wurde. Dochs giet Aaltsje stikem nei it keatsen en lit ek Jelle him yn e kaart sjen. Is it dan altyd noch net oer?

BESTIET DAT DAN? Ach wat. Boer en arbeider? Sokke maatskiplike ferskillen besteane anno 1997 net mear:

OER MEI DE BOER. Wy binne it folk fan Frysk en frijwillich. Dit folk tûget by in Alvestêdetocht frijwillich 16000 reedriders oer brêgen en klûnbatteringen, it skinkt fergees sûkelarjemolke en makket gratis it útfanhûzersbêd op. De KNKB bestiet 100 jier en it hiele lân bestiet takom jier 500 jier en dat wie allebeide noait bard sûnder frijwilligers.

IT LAN FAN GRATIS OM'E NOCHT. Fryslân moat mei yn de ekonomyske groei, moat wurkgelegenheid, moat aksje, moat drokte. It moat oars en tagelyk wol it bliuwe wat it is. It ivige dilemma yn:

HOERA, IT IS NOCH LANG NET OAN US TA. Der binne fan dy dagen yn dizze provinsje, dat it wy-gefoel net te kearen is. sa n dei is de P.C. Derhinne! Allegear! En Jelle keatst mei!

IN DEI. Jelle is de kening! En de kening te ryk, want hy sjocht nei safolle jierren syn Aaltsje wer. Mar soe dat no ynienen wol wat wurde kinne?Nee, seit Jelle, ik bin minder... Ja, seit Aaltsje, do bist mear. Do bist in kening, in kening op sokken. In happy end yn:

KENINGSDREAM - 2